

MOASJE

Moasje konform artikel 29 fan it reglemint fan oarder foar de gearkomsten en oare wurksomheden fan de ried fan de gemeente Waadhoeke

Oangeande: hanthavenje gemeentlik belied keamerferhier arbeidsmigranten

Underwerp: Fersterkje fan de leefberheid yn doarpen en wiken fan Waadhoeke troch illegale keamerferhier arbeidsmigranten oan bannen te lizzen.

De ried fan de gemeente Waadhoeke, yn gearkomste byinoar op: 10-11-2022

Kennis nommen fan:

Dat der yn de noardlike doarpen fan ús gemeente opnij ûnrêst hearsket oer (yllegale) ferhier fan wenten foar keamerferhier oan arbeidsmigranten, fan St-Anne oant en mei Seisbierrum, mar no mei namme yn Sint Jabik en Minnertsgea.

Yn betinken dat:

- Doarpsbelangen by de ried oanjouwe dat se amper ta gjin gehoar fine by de gemeente as sy ylligale ferhier en/of misstannen en yntimidaasjes oankaarte die dêr mank mei binne.
- Dat eigeners fan gebouwen al arbeidsmigranten husfesten gean sonder fergunning en kontrôle op feiligens.

Fersiket it kolleezje om:

- Der op ta te sjen dat eigeners fan gebouwen net earder mei ferhier fan keamers oan arbeidsmigranten begjinne as wannear 't hja dêr in fergunning foar hawwe.
- Aktyf en direkt te hanthavenjen as fia doarpsbelangen, wykraden of oarswol dúdlik wurdt dat wenten yn ús gemeente sûnder fergunning - en dus ylligal - brûkt wurde foar keamerferhier oan arbeidsmigranten.
- As gemeente te hanneljen yn de geast fan de regeljouwing dy 't doarpen en wiken beskermje moat tsjin negative ynfloeden fan keamerferhier en dêrby in aktivere rol te pakken yn koördinaasje, ynformearjen, fasilitearjen en ôfstimmen.
- Direkter kontakt te hâlden mei doarpsbelangen en wykrieden, omdat hja woartele binne yn de maatskippij.
- Aktiver te kommunisearjen dat foar ferhier fan keamers oan arbeidsmigranten in fergunning fereaske is en dat de gemeente stranger hanthavenje sil op oertrêdingen.

En giet oer ta de oarder fan de dei.

Ut namme fan: FNP, SAM, Gemeentebelangen, VVD, ChristenUnie en CDA

De moasje is

oannommen/fersmiten

Foar stimmen:

Tsjin stimmen: